

Sjueryrapport

Rink van der Veldepriis 2016



17-02-2016

De Rink van der Veldepriis

De Rink van der Veldepriis is yn 2003 ynsteld troch it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan de gemeente Smellingerlân, yn oparbeidzjen mei útjouwerij Friese Pers Boekerij út Ljouwert.

De priis wurdt alle twa jierren útrikt oan de skriuwer fan it bêste en moaiste boek dat yn it Frysk of yn ien fan de Fryske streektalen skreaun is yn ien fan de sjenres dy't Rink van der Velde beoefene hat, nammentlik de roman, de novelle en it koarte ferhaal. Foar de priis yn 2016 kamen alle proazawurken yn oanmerking dy't yn 2014 en 2015 ferskynd binne en dy't ynstjoerd binne troch de útjouwer of de skriuwer sels.

De seis winners oant no ta binne:

- 2004: *De Ijeder* fan Koos Tiemersma
- 2006: *It ferset* fan Harmen Wind
- 2008: *Sitebuorren, myn eigen paradys* fan Auck Peanstra
- 2010: *De hearen fan Fryslân* fan Arjen Terpstra
- 2012: *It dak fan de wrâld* fan Ferdinand de Jong
- 2014: *Littenser merke* fan Ale S. van Zandbergen

Wurkwize fan de sjuery

It totaal oan boeken wie 25 boeken. Dêrfan wiene 18 romans, seis ferhalebondels en ien novelle. Twa fan de 25 boeken wiene yn it Stellingwerfsk skreaun. Der wie in ferskaat oan boeken, ûnder oare misdiedromans, histoaryske en psychologyske romans. De folsleine list is oan de ein fan dit rapport taheakke.

Yn de gearkomsten hat de sjuery de nij ynkommen boeken besprutsen. Faak waard dêr de earste seleksje ek makke. In grut part fan de boeken koe nei in earste kear lêzen fansiden lein wurde. Oan de oare kant wiene der ek boeken dy't lizzen bleaune en nochris lêzen waarden. Ut dy boeken is in nominaasjelist fêststeld en úteinlik de winner keazen.

Opfallend

Nei it lêzen fan suver al it Fryske proazawurk út 2014 en 2015 is de sjuery in pear saken opfallen, dêr't oer it algemien wat soarch út sprekt.

Wat ús opfoel, wie dat de kwaliteit trochstrings net sa heech wie, mar ek dat it kwantitatyf net de bêste twa jierren west hawwe. Neffens it korpus oan boeken fan de Rink van der Veldepriis fan twa jier lyn is it tal boeken mei tsien ôfnommen. No hoecht dat net perfoarst te betsjutten dat de kwaliteit ek fuort minder is, mar ta ús spyt is dat yn dit gefal al sa.

It grutste part fan alle boeken koene wy nei ien kear lêzen al oan de kant skowe, om't de kwaliteit te min wie. Bûten de fiif nominaasjes om wiene de boeken dy't ek boppe it gemiddelde nivo útkamen op ien hân te tellen.

Under de skriuwers sjogge wy ek net in hiel soad jonge skriuwers. Wol it Fryske boek syn paad ek yn de takomst fine nei syn lêzers, dan is it needsaaklik dat der ek nije ynput komt. Fraach dêryn is oft de ynhâld fan de boeken it publyk wol oansprekt.

Dêrneist foel it ús op dat de sichtberheid fan de Fryske literatuer de ôfrûne twa jier net sa grut wie. Sa fûnen wy dat nij útkommen boeken net altyd like folle omtinken krigen yn de media. Publisiteit is fan grut belang om it boek te fersprieden. Dêrom fan ús de oprop oan de partijen út it literêre fjild, lykas útjouwers en de media, om de literatuer fan de skriuwer nei de lêzer te bringen. In literêre priis kin dêr in grutte rol yn spylje. Wy achtsje it dan ek fan grut belang dat de Rink van der Veldepriis bestean bliuwt en dat der neitocht wurdt oer de takomst, tink bygelyks oan e-boeken.

De sjuery sprekt net allinne de winsk út dat de Fryske literatuer yn de eigen provinsje fierder ferspraat wurdt, mar ek dêr bûten. Wat dat oangiet, befelje wy it wurk fan de winner fan de Rink van der Veldepriis 2016 fan herte oan foar it oersetten yn oare talen, want dat fertsjinnet it.

Beoardielingskritearia

Foar it kiezen fan de winner hat de sjuery gebrûk makke fan dizze trije kritearia:

1) Orizjinaliteit

It boek hat in orizjinele en ferrassende tematyk en biedt nije ynfalshoeken. It bringt de lêzer op oare gedachten, set him op in oare foet. It jout in oar ynsjoch yn de wrâld.

2) Utwurking en struktuer

It boek jout djipgong yn de (ûntwikkeling fan de) personaazjes en de struktuer. It giet djipper as deistige ferhalen. It hâldt de lêzer yn de besnijing. De struktuer fan it boek is goed útwurke en is oannimlik.

3) Taalgebrûk en styl

It taalgebrûk is goed fersoarge en hat syn funksje yn it ferhaal. De skriuwer lit sjen dat er de taal yn de fingers hat en wit gebrûk te meitsjen fan bygelyks oansprekkende bylden.

De nominaasjes

Yn alfabetyske folchoarder fan achternamme fan de skriuwer binne dit de nominearre boeken:

1) Anne Feddema: *De triennen fan Cheetah* (Afûk, 2014)

Net ien fan de ferhalen fan Feddema yn *De triennen fan Cheetah* is itselde. De iene kear betsjoenend, de oare kear konfrontearjend. Alle kearen slagget de skriuwer der yn om orizjinele tematyk op in ferrassende wize út te wurkjen. Hy ferkent de grins tusken werklikheid en dreamen. Hy nimt de lêzer mei fan Fryslân, Berlyn en de Russysk-Poalske grins

nei ferskate imazjinêre wrâlden. Wat de personaazjes meimeitsje is bytiden absurd en ferfrjemdzjend en troch humor en selsspot bysûnder aardich om te lêzen. Feddema brûkt yn suver alle ferhalen in oare styl en wit troch bysûndere perspektiven de lêzer te ferrassen. Hy nimt de lêzer by de hân, om se dêrnei by de strôt te pakken.

2) Willem Schoorstra: *Pier, de profesij fan bline Simen* (Frieze Pers Boekerij, 2015)

Nei kening Redbad wit Schoorstra ek Grutte Pier tichtby de Fryske lêzer fan no te bringen. Mei't de ferteller de lêzers as kollektyf oansprekt, nimt de skriuwer jin op in fernimstige wize mei it ferline yn. Schoorstra sketst yn byldzjende taal knap de ûntwikkelingen yn in tiid fol reboelje, op in snijflak yn de skiednis fan Fryslân. De tipelsinnige Pier wurdt troch de skriuwer bleatlein: syn driuwfearren, syn wrakselingen en syn ein. De lêzer fielt yn oant syn djipste wêzen hoe't Pier in frjemdling wurdt, net allinne foar himsels, mar ek foar in oar. Net allinne Grutte Pier wurdt in spiegel foarholden, mar ek de minske fan no.

3) Hylke Tromp: *Noah* (Frieze Pers Boekerij, 2014)

Tromp set haadpersoan Harry knap del as in echte prakkesearder, dy't dêrneist ek tige wikselfallich is fan aard. It wurdt sa beskreaun dat de lêzer Harry tige ticht op de hûd sit. Stadichoan wurdt dúdlik hoe't it ferline trochwurket yn syn besteande relaasjes. Wûnderlik is it hoe't Harry en Noah soms ien en itselde personaazje wurde. De tematyk is ferrassend aktueel, dêr't implisyt en eksplisyt yngien wurdt op de klimaatferoaring en it fraachstik om asylsikers hinne nei Fryslân helle wurdt. It boek jout in moai ynsjoch yn de organisaasje om in iepenlofstpul hinne. De oersetten gedichten fan Vondel jouwe in ekstra diminsje oan it ferhaal en slane ferrassend op it libben fan Harry.

4) Johan Veenstra: *Een vrouw van ivoor* (Stellingwarver Schrieversronte, 2015)

Een vrouw van ivoor is in boek mei twa folslein ferskillende ferhaallinen. De iene line giet oer de skriuwer sels, dêr't er de konfrontaasje mei himsels net út de wei giet en suver alles bleatleit. De twadde spilet yn Ivoarkust, dêr't in opgroeënd famke folge wurdt dat nei Nederlân flechtsje moat. Benammen de beskriuwing fan it lânskip en it waar yn Ivoarkust makket yndruk en fansels de flecht nei Europa. Dy flechtlingetematyk jout it boek in grutte wearde. Ynhâldlik en stilistysk wurde de ferbinings tusken beide linen goed makke. De prachtige titel komt yn al syn betsjuttings moai nei foarren. Veenstra wit it libben én it boek del te setten as in spannende skaakpartij.

5) Mindert Wijnstra: *De seefrou* (Tresoar, 2014)

Wijnstra hat in oandoard en meitsje fan eleminten út âlde folksferhalen nije ferhalen. Dat is knap slagge. Sa wurde wûnderlike skepsels nei ús tiid helle en hâlde se ús in spiegel foar; it wurde moderne mearkes. De ferhalen jouwe op in boartlike wize ynsjoch yn ús wrâld. Dizze ferhaleferteller lit syn ferbyldingskrêft ta bloei komme. Tema's as de dea en berou en ynkear komme op in ferrassende wize yn de ferhalen werom. De ferhalen binne altyd krekt even

oars. It machtige wapen fan de skriuwer is de humor, dêr't omraak doeltreffend mei sjitten wurdt. De subtile wurdgrapkes spylje dêr net swak by.

De winner

De winner fan de Rink van der Veldepriis 2016 hat op alle fronten in stikje foar op de oare fjouwer nominearre boeken. De skriuwer lûkt alle registers iepen. Hy lit de taal yn al syn fasetten sprankelje. It is knap hoe'n fariaasje der brûkt wurdt yn it boek. Yn in koart bestek wurde de personaazjes en de sfear perfekt delsetten. Ferwûndering en bewûndering geane hân yn hân by de lêzer.

De sjuery hat unanym as winner fan de Rink van der Veldepriis 2016 keazen: *De triennen fan Cheetah* fan Anne Feddema.

De sjuery,

Siets Ypenga, Tsjitske Madison-Snel en Meindert Reitsma,
17 febrewaris 2016.

Taheakke

List fan boeken foar de Rink van der Veldepriis 2016, op achternamme fan de skriuwer oardere.

1. Borger, Sjieuwe - *Eksamenjier* (Hispel, 2015)
2. Bylsma, Meindert - *Alle gearre snie* (Elikser, 2015)
3. Feddema, Anne - *De triennen fan Cheetah* (Afûk, 2014)
4. Graaf, Douwe de - *Skeind ferline* (Afûk, 2014)
5. Graaf, Joute de - *Klaaibeien út Tunawert* (Eigen behear, 2014)
6. Haan, Josse de - *Frou mei mandoline op sofa* (Afûk, 2014)
7. Hof, Gerrit - *Jongesjaoren* (Stellingwarver Schrieversronte, 2015)
8. Jong, Steven H.P. - *It testamint fan Mr.Dr. K.* (Palisse, 2014)
9. Jongsma-de Jong, Nelly - *Brief út it ferline* (KFFB, 2014)
10. Köster, Manuela - *Tantalus III: Ferjilding* (Elikser, 2014)
11. Popma, Popke - *Skerp ark* (Afûk, 2015)
12. Rozendal, Anders M. - *Opgong nei Sint Vitus* (KFFB, 2015)
13. Rozendal, Anders M. - *It Sunhouse-mystearje* (KFFB, 2014)
14. Schokker, Jan - *Tichtby* (Elikser, 2015)
15. Schoorstra, Willem - *Pier, de profesij fan bline Simen* (Friese Pers Boekerij, 2015)
16. Tabak, Jan - *Fan 't iene yn 't oare* (Bornmeer, 2015)
17. Talsma, Hilda - *Brekber* (Elikser, 2014)
18. Talsma, Hilda - *Wyn fan feroaring* (Elikser, 2015)
19. Tjeerdsma, Rommert - *Doutzen ûnder fjoer* (KFFB, 2015)
20. Tjeerdsma, Rommert - *Ferliezers* (KFFB, 2014)
21. Tromp, Hylke - *Noah* (Friese Pers Boekerij, 2014)
22. Veenstra, Johan - *Een vrouw van ivoor* (Stellingwarver Schrieversronte, 2015)
23. Vries de- van der Werff, Jansjet - *It is stjerrende wier, heite!* (Eigen behear, 2015)
24. Wijnstra, Mindert - *De seefrou* (Tresoar, 2014)
25. Witbraad, Gryt - *Swije* (Frysk en Frij, 2015)